

sân komplette partoeren net ien keatser meidien hat oan de PC. Spektakulêr is dy weromfal fan 47% nei 36% net. Mar as it giet oer de belangstelling foar en de oanlûkingskrêft fan it keatsen, is it wol in sinjaal dêr't net oan foarbygongen wurde kin.

In oare oanwizing foar de heechtiidsperioade 1945-1983 is dat it doe ek mar twa kear bard is dat fan in kompleet Freulewinnend partoer net ien keatser de PC helle hat. Dat wie yn 1952 it partoer fan Frjentsjer, dat bestie út Gerrit Herrema, Edzer de Boer en Wop de Jong en letter, yn 1967, it trijetal fan Bitgum: Douwe Beimers, Henk Laanstra en Meile Zijlstra. Yn de earste 39 jier barde it seis kear dat in winnend Freulepartoer net in keatser levere foar De Fiifde Woansdei. Dat wienen de partoeren fan Raerd (1913), Wommels (1920), Holwert (1923), Bitgum (1929), Snits (1932) en Berltsum (1941).

It is, oan de oare kant, yn totaal mar seis kear foar kommen dat alle keatsers fan it winnende Freulepartoer ek útkommen binne op de PC. Dat wienen Frjentsjer (1909), Wier (1938), Peinjum (1959 en 1981), Stiens (1971) en Berltsum (1994).

Yn totaal ha 25 keatsers<sup>3</sup> sawol de Freule as de PC wûn. Yn de perioade 1903-1942 slagge dat sân keatsers, yn de perioade 1945 oant 1983 tolve en dêrnei seis keatsers. Sjoerd Heeringa fan Tsjummearum wie de rapste fan it stel. Hy wûn yn 1961 de Freule en noch gjin jier letter de PC. Utsjitters binne der yn alle trije perioaden. Taede Zijlstra, dy't de Freule wûn yn



*It winnende Freulepartoer fan Frjentsjer yn 1952. Flnr: Gerrit Herrema, Edzer de Boer, Wop de Jong. Foto: Keatsmuseum. Herrema: 'Doe't ik yn tsjinst siet, wie it dien mei it keatsen. Dêrnei kaam ik yn Easterwâlde te wenjen, dêr waard net keatst. Dat de Freulepartij is myn iennichste wapenfeit. Pas letter, by it âlder wurden, is it besef kommen fan dy bysûndere prestaasje.' Ur: Leeuwarder Courant, 6 augustus, 2002.*

1917, soe njoggen kear de PC winne. Piet Jetze Faber wûn de Freule yn 1971 en acht kear de PC. Sokke oantallen lykje, mei de hieltiten koarter wurdende perioade dat topspilars hjoed-de-dei keatse, net mear helber. Dochs slagge it Auke van der Graaf om nei de Freulewinst yn 1994 noch fjouwer kear de PC te winnen.

Ut it oersjoch fan Freulewinners dy't ek de PC wûn ha, blykt dat fierwei de measten echte toppers wienen. Want fan dy 25 ha mar leafst 17 faker as ien kear de PC wûn. Mei-inoar ha se 64 kear in PC-oerwinning op har namme stean.

Nijsgjirrich is fansels ek om te witten wat de reden is dat fan de 310 Freulewinners 181 nea keatst ha op de PC en dêrmei ek gjin trochgeande line yn har keatskarriêre sjen litte. De earste reden is fansels dat yn in protte winnende Freulepartoeren net alle spilars it talint hienen om topkeatser te wurden. In moai foarbyld wie yn 1924 de Freulewinst fan Adolf Mulder yn it partoer fan Mantgum. Syn heit wie dat jier besteld as arbeider by in boer yn Mantgum. De famylje ferhuze nei Mantgum en sa krige Adolf de kâns om as tredde maat it Freulepartoer oan te folgen. De lytse en rappe Adolf wie gjin grut keatser, mar

makke him fertsjinstlik as 'balkearder'. Dêrnei gie syn heit oan it wurk by in oare boer en rekke Adolf út it sicht fan de Mantgumer keatsferiening. Pas by it jubileum fan Jacob Klaver yn 2003 waard dúdlik wa't no einliks Adolf Mulder wie.<sup>4</sup>

### Talint, ambysje, kar

Mei boppesteande feiten yn de efterholle en it sykjen om in ferklearing foar boppesteande sifers, ha ik pe-tearen hân mei in tal Freulewinners dy't de stap nei de PC (noch) net set ha. Liedend gesprekstema wie hieltyd de fraach wêrom't de stap nei de PC (noch) net makke is, of yn it gefal fan Peter Zuidema, wêrom't de grutte trochbraak der net kaam. Peter wie 'it grutte talint' begjin jierren njoggentich. Yn de jeugdkategorien hie er wûn wat der te winnen wie en hoewol't er fjouwer kear meidien hat oan de PC - mar alle kearen der ek fuort ôfrekke - is er nea trochbrutsen. Sels seit er dêroer: 'De wichtichste reden dat ik al mei 26 jier ophâlden bin, wie de kar foar wurk en gesin. Ik wie troud, krige bern en moast foar myn wurk yn Oerisel in ein ride. Ik koe op it lêst it trainen net altiten mear opbringe. Boppedat wie it trainen foar my te yndividualistysk. No traine se yn teams, dat hie foar my ek goed west. Yn myn jeugd begûn it keatsen foar my meastentiids pas yn de twadde of tredde omloop. No moast ik daliks om tsien oere al fol oan de bak. Ferlieze koe ik ek net maklik akseptearje. Doe't ik net mear better waard, rekke de lol der ôf. Ik woe winne en net allinnich foar de gesellichheid meidwaan. Dat ik net echt trochbrutsen bin op de haadklasse, siet foar

in part ek yn it stellen. Dêr wie ik net sterk yn. Ik hie, doe't ik út de jonges kaam, folle langer by Jan Bantema en Douwe de Boer bliuwe moatten. Dat wienen 'âlde rotten', dêr't ik in soad fan leard ha. Myn PC's binne in ferhaal apart, ik wie fiersten te senúweftich, it makke in te grutte yndruk op my.'

Bysûnder is ek de keatskarriêre fan de twaling Jouke en Hendrik Jorritsma, dy't yn 1995 mei Gerard Hiemstra foar Marsum de Freule wûnen. De deis nei de winst op de Freule kopte de Ljouwerter Krante: 'Jorritsma's pas zestien, stoppen op hoogtepunt met kaatsen.' Jouke leit út: 'Yn ús jeugd dienen wy einliks neat oars as sporte. Wy sieten yn de jeugdseleksje fan Cambuur en moasten fjouwer kear, en letter fiif kear, yn de wike traine. Yn de simmer trainden wy earst by Cambuur en dêrnei moasten wy nochris keatstraine. De jûns foar de Freule sieten wy yn in trainingskamp fan Cambuur yn Appelskea en moasten dêr in oefenwedstriid spylje. Dêrnei gienen wy de jûns let mei de heit fan Gerard Hiemstra nei Marsum. De moarns om seis oere wienen wy der al wer ôf, want wy woenen wol fris oan de dei begjinne. Mar wy hienen doe al besletten om mei keatsen op te hâlden en te kiezen foar it fuotbaljen. Dat fûnen wy dochs moaier. By Cambuur ha wy it earste alvetal net helle, mar wy ha prachtige jierren hân en no fuotbalje wy noch altiten by Friesland yn it earste. Keatse ha wy nei dy tiid hast nea wer dien.' Op myn fraach oft se ek noch lid binne fan in keatsferiening, antwurdzje se ûntkenkend. Jouke soe noch wolris keatse wolle. 'Miskien doch ik



*Aksjefoto fan Peter Zuidema op de Freulepartij fan 1990. Foto: Keatsmuseum.*

noch wolris mei oan it hoarekakeatsen, dêr hat Watse de Boer my alris foar útdage. Mar dan moat ik earst al wat oefenje, want ik wol net ôfgean.' Hendrik seit noch dat twa kear keatsen yn in wykein in hiele belêsting wie. 'Jo stienen de hiele dei yn it fjild en wienen it hiele wykein kwyt. Ien wedstriid yn it wykein hie folle better west.'

Myn fraach oan Sytze Terwisscha van Scheltinga en Bouke Poelsma, twa fan de winners út it Freulepartoer fan Reahûs/Turns (2002), hoe't it sit mei harren ambysje om nochris de PC te heljen, komt op in goed momint. 'Bouke en ik ha krekt dizze winter besletten om kommend jier noch ien kear te sjen wêr't ús top leit'. Sytze fertelt: 'Wy ha de Freule wûn, trochdat oare favoriten, wêrûnder Wytmarsum, mei Sprik,



sân komplette partoeren net ien keatser meidien hat oan de PC. Spektakulêr is dy weromfal fan 47% nei 36% net. Mar as it giet oer de belangstelling foar en de oanlûkingskrêft fan it keatsen, is it wol in sinjaal dêr't net oan foarbygongen wurde kin.

In oare oanwizing foar de heechtiidsperioade 1945-1983 is dat it doe ek mar twa kear bard is dat fan in kompleet Freulewinnend partoer net ien keatser de PC helle hat. Dat wie yn 1952 it partoer fan Frjentsjer, dat bestie út Gerrit Herrema, Edzer de Boer en Wop de Jong en letter, yn 1967, it trijetal fan Bitgum: Douwe Beimers, Henk Laanstra en Meile Zijlstra. Yn de earste 39 jier barde it seis kear dat in winnend Freulepartoer net in keatser levere foar De Fiifde Woansdei. Dat wienen de partoeren fan Raerd (1913), Wommels (1920), Holwert (1923), Bitgum (1929), Snits (1932) en Berltsum (1941).

It is, oan de oare kant, yn totaal mar seis kear foar kommen dat alle keatsers fan it winnende Freulepartoer ek útkommen binne op de PC. Dat wienen Frjentsjer (1909), Wier (1938), Peinjum (1959 en 1981), Stiens (1971) en Berltsum (1994).

Yn totaal ha 25 keatsers<sup>3</sup> sawol de Freule as de PC wûn. Yn de perioade 1903-1942 slagge dat sân keatsers, yn de perioade 1945 oant 1983 tolve en dêrnei seis keatsers. Sjoerd Heeringa fan Tsjummearum wie de rapste fan it stel. Hy wûn yn 1961 de Freule en noch gjin jier letter de PC. Utsjitters binne der yn alle trije perioaden. Taede Zijlstra, dy't de Freule wûn yn



*It winnende Freulepartoer fan Frjentsjer yn 1952. Flnr: Gerrit Herrema, Edzer de Boer, Wop de Jong. Foto: Keatsmuseum. Herrema: 'Doe't ik yn tsjinst siet, wie it dien mei it keatsen. Dêrnei kaam ik yn Easterwâlde te wenjen, dêr waard net keatst. Dat de Freulepartij is myn iennichste wapenfeit. Pas letter, by it âlder wurden, is it besef kommen fan dy bysûndere prestaasje.' Ur: Leeuwarder Courant, 6 augustus, 2002.*

1917, soe njoggen kear de PC winne. Piet Jetze Faber wûn de Freule yn 1971 en acht kear de PC. Sokke oantallen lykje, mei de hieltiten koarter wurdende perioade dat topspilars hjoed-de-dei keatse, net mear helber. Dochs slagge it Auke van der Graaf om nei de Freulewinst yn 1994 noch fjouwer kear de PC te winnen.

Ut it oersjoch fan Freulewinners dy't ek de PC wûn ha, blykt dat fierwei de measten echte toppers wienen. Want fan dy 25 ha mar leafst 17 faker as ien kear de PC wûn. Mei-inoar ha se 64 kear in PC-oerwinning op har namme stean.

Nijsgjirrich is fansels ek om te witten wat de reden is dat fan de 310 Freulewinners 181 nea keatst ha op de PC en dêrmei ek gjin trochgeande line yn har keatskarriêre sjen litte. De earste reden is fansels dat yn in protte winnende Freulepartoeren net alle spilars it talint hienen om topkeatser te wurden. In moai foarbyld wie yn 1924 de Freulewinst fan Adolf Mulder yn it partoer fan Mantgum. Syn heit wie dat jier besteld as arbeider by in boer yn Mantgum. De famylje ferhuze nei Mantgum en sa krige Adolf de kâns om as tredde maat it Freulepartoer oan te foljen. De lytse en rappe Adolf wie gjin grut keatser, mar

makke him fertsjinstlik as 'balkearder'. Dêrnei gie syn heit oan it wurk by in oare boer en rekke Adolf út it sicht fan de Mantgumer keatsferiening. Pas by it jubileum fan Jacob Klaver yn 2003 waard dúdlik wa't no einliks Adolf Mulder wie.<sup>4</sup>

### Talint, ambysje, kar

Mei boppesteande feiten yn de efterholle en it sykjen om in ferklearing foar boppesteande sifers, ha ik pe-tearen hân mei in tal Freulewinners dy't de stap nei de PC (noch) net set ha. Liedend gesprekstema wie hieltyd de fraach wêrom't de stap nei de PC (noch) net makke is, of yn it gefal fan Peter Zuidema, wêrom't de grutte trochbraak der net kaam. Peter wie 'it grutte talint' begjin jierren njoggentich. Yn de jeugdkategorien hie er wûn wat der te winnen wie en hoewol't er fjouwer kear meidien hat oan de PC - mar alle kearen der ek fuort ôfrekke - is er nea trochbrutsen. Sels seit er dêroer: 'De wichtichste reden dat ik al mei 26 jier ophâlden bin, wie de kar foar wurk en gesin. Ik wie troud, krige bern en moast foar myn wurk yn Oerisel in ein ride. Ik koe op it lêst it trainen net altiten mear opbringe. Boppedat wie it trainen foar my te yndividualistysk. No traine se yn teams, dat hie foar my ek goed west. Yn myn jeugd begûn it keatsen foar my meastentiids pas yn de twadde of tredde omloop. No moast ik daliks om tsien oere al fol oan de bak. Ferlieze koe ik ek net maklik akseptearje. Doe't ik net mear better waard, rekke de lol der ôf. Ik woe winne en net allinnich foar de gesellichheid meidwaan. Dat ik net echt trochbrutsen bin op de haadklasse, siet foar

in part ek yn it stellen. Dêr wie ik net sterk yn. Ik hie, doe't ik út de jonges kaam, folle langer by Jan Bantema en Douwe de Boer bliuwe moatten. Dat wienen 'âlde rotten', dêr't ik in soad fan leard ha. Myn PC's binne in ferhaal apart, ik wie fiersten te senúweftich, it makke in te grutte yndruk op my.'

Bysûnder is ek de keatskarriêre fan de twaling Jouke en Hendrik Jorritsma, dy't yn 1995 mei Gerard Hiemstra foar Marsum de Freule wûnen. De deis nei de winst op de Freule kopte de Ljouwerter Krante: 'Jorritsma's pas zestien, stoppen op hoogtepunt met kaatsen.' Jouke leit út: 'Yn ús jeugd dienen wy einliks neat oars as sporte. Wy sieten yn de jeugdseleksje fan Cambuur en moasten fjouwer kear, en letter fiif kear, yn de wike traine. Yn de simmer trainden wy earst by Cambuur en dêrnei moasten wy nochris keatstraine. De jûns foar de Freule sieten wy yn in trainingskamp fan Cambuur yn Appelskea en moasten dêr in oefenwedstriid spylje. Dêrnei gienen wy de jûns let mei de heit fan Gerard Hiemstra nei Marsum. De moarns om seis oere wienen wy der al wer ôf, want wy woenen wol fris oan de dei begjinne. Mar wy hienen doe al besletten om mei keatsen op te hâlden en te kiezen foar it fuotbaljen. Dat fûnen wy dochs moaier. By Cambuur ha wy it earste alvetal net helle, mar wy ha prachtige jierren hân en no fuotbalje wy noch altiten by Friesland yn it earste. Keatse ha wy nei dy tiid hast nea wer dien.' Op myn fraach oft se ek noch lid binne fan in keatsferiening, antwurdzje se ûntkennend. Jouke soe noch wolris keatse wolle. 'Miskien doch ik



*Aksjefoto fan Peter Zuidema op de Freulepartij fan 1990. Foto: Keatsmuseum.*

noch wolris mei oan it hoarekakeatsen, dêr hat Watse de Boer my alris foar útdage. Mar dan moat ik earst al wat oefenje, want ik wol net ôfgean.' Hendrik seit noch dat twa kear keatsen yn in wykein in hiele belêsting wie. 'Jo stienen de hiele dei yn it fjild en wienen it hiele wykein kwyd. Ien wedstriid yn it wyk-ein hie folle better west.'

Myn fraach oan Sytze Terwisscha van Scheltinga en Bouke Poelsma, twa fan de winners út it Freulepartoer fan Reahûs/Turns (2002), hoe't it sit mei harren ambysje om nochris de PC te heljen, komt op in goed momint. 'Bouke en ik ha krekt dizze winter besletten om kommend jier noch ien kear te sjen wêr't ús top leit'. Sytze fertelt: 'Wy ha de Freule wûn, trochdat oare favoriten, wêrûnder Wytmarsum, mei Sprik,



It winnende Freulepartoer fan KF Foarút te Marsum.  
Flnr: Hendrik Jorritsma, Gerard Hiemstra, Jouke Jorritsma  
en begelieder Jorritsma sr. Foto: Jan Tromp.

Zaagemans en Meekma, derôf rekken. Wy wienen alle trije gjin grutte talinten en hienen dat jier ek noch net in protte wûn, wy keatsten doe de bêste wedstriid fan it seizoen.’ Beide ha it nei de jongeskategory wol besocht, mar it slagge net. Sytze: ‘De lol giet der gau ôf as jo foar ien omloop nei Morra-Lioessens reizgje.’

Bouke jout oan dat der yn harren federaasje in protte partijen organisearre wurde op in nivo dêr’t se goed oan meidwaan kinne. ‘Der ha wy in protte wille en it is altiten yn de buert. Boppedat begjinne dy wedstri-den pas om tolve oere, dan kinne jo yn it wykein ek nochris lizzen bliuwe.’ Mar dit jier sille de mannen it dus nochris mei mear regelmaat besykje op KNKB-partijen. Op myn fraach oft wy harren dan daliks sjen sille yn Drachten, komt net in dúdlik antwurd . ‘Tsja’, seit Sytze, ‘dat is fansels wol op Keninginnedei en dan is der oars ek in protte gesellichheid. It keatsen moat fansels wol aardich bliuwe.’ Bouke knikt befêstigjend.

#### Konklúzje

It paad fan Freulewinner nei PC-keatser is minder maklik as it liket. It is in kombinaasje fan talint, am-bysjes en de kar dy’t men makket om wol of net it uterste der út te heljen. Yn wêzen hat dat yn de hiele perioade fan 1903 oant no, sa west. Fansels binne de maatskiplike faktoaren no oars as yn it begjin fan de tweintichste ieu, mar it is min út te meitsjen oft dy rânebetingsten eartiids swierder of makliker wienen as hjoed-de-dei. Sportferslachjouwer Siebe Annema skreau yn de Ljouwerter Krante fan 8 augustus 1985 oer de trochstreaming fan Freuletalinten: ‘Te veel externe factoren zijn nog van invloed op de ontwik-keling van de kaatsloopbaan. In belangrijke mate zijn dat natuurlijk de mentaliteit en de instelling van de kaatser, maar ook de eventuele toename (of juist het uitblijven) van de fysieke kracht die vooral in de eerste klasse van steeds groter belang lijkt te worden

en maatschappelijke omstandigheden als studie en de eventuele vervulling van de militaire dienstplicht.’ Eksakt in jier letter skreau dyselde Annema, ‘dat ge-talenteerde jeugd maar matig doorstroomt naar de eerste klasse’, mar de foarbylden dy’t er dêrby neam-de, Joop Bierma, Hotze Rusticus, Leo Leeuwen, André Tolsma, Gerben Okkinga, Any van Straten, Sjaak Rinia, Abe Kooistra en Willem Tuinman, kinne foar in grut part weromsjen op in prima keatskarriêre.

Jo kinne jo ôffreegje oft wy yn de keatserij net te krampeftich dogge oer talinten dy’t net wiermeitsje wat wy foar harren yn gedachten hienen. Moatte wy de kategory fan de junioaren mar net gewoan ôfskaffe en it de keatsers sels mar útsykje litte, even-tueel mei wat begelieding en al of net yn teams? Yn oare sporten sjogge wy itselde ferskynsel. Guon talin-ten heakje ôf en oaren dêr’t wy it net fan ferwachten, wurde toppers. Jo hawwe letbloei-ers en útbloei-ers. It is yn de keatserij al net oars as yn it maatskiplik lib-ben: ‘Is men het, dan is men het ook, maar is men het *niet*, welnu, dan is men het ook *niet*.’

Theo Kuipers

#### Noaten

- 1 Yn 1907 en 1908 wûn Achlum twa kear efterinoar de Freule. Twa kear hearden H. Rollingswier en J. Alkema by it winnende partoer. Dêrnei is ynsteld dat soks net mear mooglik wie. Rollingswier hat op de PC keatst, Alkema net.
- 2 Der wienen gjin partijen yn 1914, 1943 en 1944. Ik ha keazen foar de perioade fan 1903 oant en mei 1942, dus de brek yn de Twadde Wrâldkriich, en foar in perioade fan inselde tal partijen (39) dêrnei, dus fan 1945 oant en mei 1983. De lêste perioade fan 1984 oant en mei 2009 hat dêrom mar 25 partijen.
- 3 De 25 keatsers dy’t de Freule en ien of mear kearen de PC wûn ha, steane hjirneist.
- 4 Adolf Mulder wie de heit fan earsteklas keatser Ja-cob (Jappie) Mulder út Seisbierrum. Jappie Mulder hat yn tsjinstelling ta syn heit net de Freule winne kinnen, mar hat wol sân kear meidien oan de PC. Mear as in twadde omloop by syn debút yn 1965 siet der net yn.

Namme	Wenplak	Freulewinst	PC-winst
Anne Smidts	Frjentsjer	1909	1913 / 1919
Jan Ymtes Heeg	Easterein	1911	1919 / 1921 / 1922
Taede Zijlstra	Wytmarsum	1917	1920 / 1921 / 1922
			1925 / 1926 / 1929
			1931 / 1935 / 1939
Cees Kamminga	Arum	1930	1938
Feite de Jager	Harns	1931	1940 / 1942
Frans Helfrich	Harns	1936	1942 / 1947 / 1953
Jan de Groot	Weidum	1939	1941
Albert Veldkamp	Huzum	1945	1954 / 1958
Dirk van der Zee	Ljouwert	1953	1960
Martinus Santema	Easterlittens	1957	1961 / 1963 / 1965
Rienk de Groot	Ljouwert	1958	1961 / 1964 / 1966
Johannes Westra	Ljouwert	1960	1968 / 1969
Sjoerd Heeringa	Tsjummearum	1961	1962 / 1964
André Roosenburg	Frjentsjer	1968	1972
Piet de Jong	Wommels	1969	1972
Piet Jetze Faber	Froubuorren	1971	1975 / 1976 / 1979
			1980 / 1981 / 1982
			1983 / 1990
Joop Bierma	St. Jabik	1978	1989
Peter Rinia	Makkum	1979	1984 / 1986 / 1987
			1988
Hotze Rusticus	Arum	1980	1989 / 1984
Erik Seerden	Frjentsjer	1987	1991 / 1992 / 1993
Auke van der Graaf	Berltsum	1994	1998 / 1999 / 2007
			2008
Jacob Wassenaar	Minnertsgea	1996	2002 / 2005
Cornelis Terpstra	Minnertsgea	1997	2002
Teake Triemstra	St. Jabik	1999	2006 / 2007
Gert-Anne van der Bos	Holwert	2005	2009